

Frijbûtsjer

Moanneblêd fan de FNP

Maaie 2010, nûmer 402

Útnoeging Algemiene ledegearkomste

It haadbestjoer fan de FNP noeget jo fan herte út ta it bywenjen fan de

Algemiene Ledegearkomste

op woansdei 19 maaie 2010

om 20.00 oere

yn Hotel Duhoux, Greate Buorren 4 te Wurdum.

Wurklist

- 1 Iepenjen troch de foarsitter en meidielings
- 2 Ferslach fan de ledegearkomste fan 27 novimber 2009 (bylage 2.1)*
- 3 Jierferslach haadbestjoer 2009 (bylage 3.1)*
- 4 Mûnling ferslach fan de kaskommisje en it beneamen fan in nij lid en in reservelid foar de kaskommisje.
- 5 Fêststellen jierrekken 2009 (bylage 5.1)*
- 6 Ferkiezing fan leden foar it haadbestjoer:
 - Neffens skema ôfgeand en net werkiesber: Anke Dykstra-de Boer, skriuwer. Kandidaat: noch net bekend.
 - Tuskeniids ôfgeand: Jaap Hijma, kandidaat: Jannes v.d. Velde, De Rottefalle
 - Fakatuere. Kandidaat: Sjoerdsje Veenstra-Paulusma, Oerterp
- 7 Omfreegjen
- 8 FNP-dichter Willem Tjerkstra

SKOFT

- 9 Hindrik ten Hoeve docht ferslach fan de Earste Keamer
- 10 Johannes Kramer: De aktuele provinsjale polityk
- 11 Sluten

Út namme fan it haadbestjoer,
Anke Dykstra-de Boer, skriuwer

*) de bylagen binne digitaal op te freegjen by de ôfdielingsskriuwers en it partijhûs, e-post: fnphus@globalxs.nl of op papier, ek by it partijhûs, telefoan (058) 213 14 22.
By de gearkomste sille eksimplaren fan de bylagen op tafel lizze.

ÚT DE STEATEFRAKSJE

Fryslân Provinsje Plus

Provinsjale Steaten moatte in kar meitsje hokker taken oft de Provinsje yn de takomst útfiere wol. Dêr hiene de Steaten op 21 april in debat oer. De útstellen fan de FNP giene it fierst. De foarsitter joech Johannes Kramer dan ek as earste it wurd.

Kramer kaam mei in eigen senario: de Provinsje Plus. Kearn fan dat senario is dat de gemeenten, de provinsje, it ryk en de publike ynstellingen mei-inoar as Fryslân de taken, oer de besteande bestjoerlike grinzen hinne, oars en better ferdiele. Sintraal stiet dêr it perspektyf fan de Fryske boarger by en net dat fan de bestjoerders lykas yn alle oare senario's oant no ta.

De Steatefraksje wiist de senario's fan it Kolleezje mei listkes fan te skrassen taken ôf omdat dy allinnich fan de Haachske besunigingsopdracht útgeane. De FNP sjocht yn de perioade oant in nij kabinet in kar makket, krekt in kâns om út eigen Fryske krêft wei in alternatyf op tafel te lizzen.

De FNP wol feitlik in eksperimint dat ús politike doel op de lange termyn, mear sizzenkip foar Fryslân, mooglik meitsje moat. Dêrta is in 'Lex Specialis' nedich, in útsûnderingswet dy't de útwikseling fan taken en foech mooglik makket. Sa kin de provinsje de sizzenkip krije oer it Frysk, oer de wegen en kanalen dy't no noch ûnder it ryk yn falle, en oer it wurk fan it Wetterskip.

Soks kin fansels allinnich as der ek foldwaande middels meikomme. De Steatefraksje pleitet dan ek foar behâld fan in eigen belestingdomein foar de Provinsje. Oerdracht fan foech oer it Frysk hat neffens in moasje fan de fraksje ek allinnich doel as it Ryk syn ynternasjonale ferplichtings datoangeande neikomt en de nedige finansjele middels oan Fryslân taskikt.

In moasje oer it behâld fan Fryslân as selsstannige oerheid, in eigen belestingdomein en it oernimmen fan it foech oer it Frysk troch de Provinsje krige steatebrede stipe.

Mear ynformaasje oer de Provinsje Plus, de moasjes fan de FNP en it debat op 21 april is te finen op de hiemside fan de FNP: www.fnp.nl.

FNP skoart knap yn Steaten

De FNP hat yn 2009 22 kear skriftlike fragen oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten steld. Dat is 24% fan it totaal fan 93 fragen yn de hiele Steaten. Fan de 63 fragen út de opposysje wei hat de FNP in oandiel fan 35%. Dat docht bliken út it jierferslach fan de Griffy oer 2009.

Fan de 216 moasjes en amendeminten yn de Steaten hat de FNP 43 levere (20%). Fan dy 43 binne 17 yn 'e

mande mei oare partijen yntsjinne en fan dy 17 útstellen binne 15 oannommen of troch it Kolleezje oernommen.

It tal fragen is mear as op grûn fan it tal steatesitten (12%) ferwachte wurde koe. De sifers befêstigje de rol fan de FNP op dit stuit as opposysjelieder. Foargeande jierren lieten in selde byld sjen. It resultaat mei de moasjes en amendeminten lit sjen dat de FNP in tige betûfte Steatefraksje hat, dy't wend is om polityk effektyf mei de oare partijen gear te wurkjen. De fraksje stelt him dêrmei konstruktief op nei opposysje en koalysje en giet foar it resultaat.

De Steatefraksje hat ek bûten de Steateseal wer tige aktyf west. Sjoch foar in oersjoch it jierferslach 2009 op de hiemside fan de FNP: www.fnp.nl.

In memoriam Simen Cnossen

De Hommerts, 4 april 1921 – Snits, 21 maart 2010

Fan it begjin ôf wie Simen mei hert en siel belutsen by de FNP. De propagandakommisje wie syn gebiet en dêr koe er syn hert yn lizze. Mei mannen as Ruerd Posthuma, Ids Bergsma, Jan Hettinga, Jouke Bosma en Willem Dalstra kaam Simen yn aksje. Foar de ferkiezings fan 1970 waard mei sukses jild byinoar fandele en Simen helle de krante mei syn plakaksje yn Snits. Doe't er oanhouden waard en foar it Kantongerjocht moast, wegere er om Hollânsk te praten.

Lykas no waard yn 1974 ek al oer it gearfoegjen fan de trije noardlike provinsjes praten. De propagandakommisje kaam doe mei plakkers 'Fryslân ferdwine, nea!' Dat hat de partij fertuten dien. Wij gongen fan twa nei fjouwer sitten. Yn 1974 waard foar de earste kear de



Simen Cnossen (l) rikt yn 1976 de earste sulveren fyts út oan Durk Reitsma.

troch de PK organisearre Nijjiersgearsit yn Snits holden. Jierren wie Simen foarsitter fan de PK. Hy begûn sels koarter te wurkjen om 'mear tiid foar Fryslân te hawwen'.

Fan 1982 oant 1986 wie Simen riedslid yn Snits. As ienige FNP'er yn de ried makke er syn paad mear as skjin.

By de ôfskiedstsjinst is wiidweidich op dizze feiten yngien. By it útdragen waard 'It heitelân' spile. De lêste wurden waarden troch de measte oanwêzigen meisongen: 'Âldfaars erf, wy weitsje oer dy.' Dat is wat Simen Cnossen syn libben lang dien hat. Sûnder in stap ta te jaan.

Hy wie in Fries yn ieren en sinen.

Clara de Boer en Hein Boersma

FNP-riedsleden en -wethâlders

| Gemeenten (16) | Riedsleden (52) | Wethâlders (9) |
|-----------------------|-----------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|-------------------------------|
| Achtkarspelen | Sjoerd Groenhof Tsjibbe Brinkman Atty Sietzema Maaïke Dotinga Sake v.d. Meer | Marten v.d. Veen |
| Boarnsterhim | Lyda Veldstra Sybren Posthumus Wietse Witteveen | |
| Dantumadiel | Pyt Hoekstra | |
| Dongeradiel | Pytsje de Graaf Fedde Breeuwmsma Lolke Folkertsma Klaas Fokkinga | Tytsy Willemsma |
| Ferwerderadiel | Hanneke Jouta Bauke v.d. Heide Ellert Jongstra | Jaap Hijma |
| Frjentsjerteradiel | Jan Dykstra Sietze de Haan | |
| Gaasterlân-Sleat | Jan Volbeda Jeltsje Piersma Kees v. Strien Jan Geert Vogelzang Frâns Gerritsma | Bram Bonnema |
| It Hearrenfean | Ate Eijer Poppe Hooisma | |
| Kollumerlân | Johannes Samplonius Wieger Rekker Tineke Bosgraaf | |
| Littenseradiel | Jeltsje Boersma Pyt de Boer Welmoed v.d. Werf Teake Posthuma | Douwe Willemsma |
| Ljouwert | Pier Tilma | |
| Ljouwerteradiel | Folkert Dykstra Jan W. Tuininga Harm Hansma | Jaap Keizer |
| Menameradiel | Freark Siegersma Rikus Sinnema | |
| Skarsterlân | Gerda Suierveld Wiebe Hoekstra Janke de Vries Wilco Kuijpers Arjen de Ree Hendrik Boonstra Jochum Meester | Jan Benedictus Durk Durksz |
| Smellingerlân | Durk Oosterhof Sjibren Sijtsma | |
| Tytsjerksteradiel | Anje Wester Wijbe Postma Piet Reitsma Binne de Vries Jan van der Kooi | Geerling Schippers |

| Fúzje-gem. (4) | Riedsleden (10) | Wethâlders (1) |
|-----------------------|---------------------------------------------------------------------------|-----------------------|
| Nijefurd | Riemkje Hoogland Jan Koster | |
| Snits | Klaas Visser Corrie Bergstra | |
| Wûnseradiel | Lucie Postmus Liskje Flapper | |
| Wymbritseradiel | Sicco Rypma Reinschje Hiemstra Tsjitske Martens Fonger Ringnalda | Germ Gerbrandy |
| Totalen | 62 | 10 |

Frysk-nasjonale earestiper

Van der Zwet hold yn maart 2009 in enkête ûnder de doe 1208 FNP-leden.¹ Sa jong't de partij wie (fan 1962), sa âld wiene de leden (trochinoar rekkene fan jannewaris 1949). Yn desimber fan ferline jier wie it trochsneed lid dus 59 jier en alve moanne. Sa'n 80 persint fan de FNP'ers hiene Abraham al sjoen. Yn de parse waard de partij in 'oudemannenpartij' neamd.² Mar der is sprake fan ferjonging. De nije oanwaaks: 102 leden fan, trochinoar rekkene, 39 jier.^{3,4} Se binne der yn 'e rin fan 2009 by kommen, dat yn desimber fan ferline jier wie it trochhinne nije lid 39,5 jier. Beetstra soe de trochsneedleeftyd fan har partijleden ris op 'e nij útrekkenje wolle.³ Yn it neikommende doch ik dat foar har.

Yn desimber wiene, trochinoar 1189 leden 59,9 jier en 102 nije leden 39,5 jier. Mei har 1300'en wiene se mei-inoar (1198 x 59,9 + 102 x 39,5) jier = 75789 jier en middele, (75789/1300) jier = 58,3 jier it lid.

Yn jannewaris fan 2009 hie it trochhinne lid – fan jannewaris 1949 – oars al krekt 59 west. Wylst alleman en alles dat jier âlder wurden wie, wie de FNP yn 2009 (59-58,3) jier = 8 moanne jonger wurden.

Net sûnder rjocht en reden waard de FNP in âldemanljuspartij neamd. Der binne lykwols mear sokke. Yn 2008 wie it CDA-lid yn trochsneed al 67 jier.³ Mear as ien kristendemokraat moat noch mei Metusalim op skoalle west hawwe. Der is noch wol in oare mooglikheid om de partij jonger te meitsjen: beneam de stimhawwende âldsten, dy't sa lang skrept, klaud en skuord hawwe, ta earestiper – of ta wat oars, as dat 'eare' der mar yn foarkomt – sûnder stimrjocht. Boppe it ledejild dat se as lid al betellen, hawwe se der grif in pear tsientsjes ekstra foar oer. As foarbyld: 42 leden, fan trochinoar 75 jier, meitsje dy oergong fan lid nei earestiper. Yn de 42 leden lytsere partij is it middele lid 57,9 jier, sa't elk no sels wol útrekkenje kin. Dêr wint de FNP it mei fan de PvdA dy't yn 2008 58 jier wie.³

Bitgummole

B.J. Postma

- 1 A. van der Zwet, Analyze fan de FNP-enkête 2009 (Frijbûtsers, nûmer 398, novimber 2009)
- 2 Oudemannenpartij FNP strijdt vooral voor taal (LC, 28 novimber 2009)
- 3 N. Beetsra, FNP libbene frouljuspartij (Frijbûtsers, nûmer 399, desimber 2009)
- 4 FNP verjongt (LC, 14 desimber 2009)

Frijbûtsjer

FNP-adressen

FNP-Hûs, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
(058) 213 14 22; faks 213 14 20; fnphus@globalxs.nl
Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel
(0511) 54 22 73, tbrinkman@chello.nl

**It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis
fan 9.00 oant 13.00 oere**

Rabobank: 30 50 14 528
Fryslân Bank: 29 80 05 867
Ynternet: www.fnp.nl

HAADBESTJOER

Nynke Beetstra, foarsitter, Grou
(0566) 62 24 85, taalwurkfryslan@hetnet.nl

Anke Dykstra-de Boer, skriuwer, Warkum
(0515) 54 19 97, anke.deboer@zonnet.nl

Gerrit Idsardi, ponghâlder, Twizelerheide
(0511) 44 35 23, gidsardi@kpnmail.nl

Jan van der Kooi, Tytsjerk
(0511) 43 21 27, j.v.d.kooi18@kpnplanet.nl

Schouwtje Scholte-Tjeerdsma, Grou
(0566) 62 15 31, hscholte@hetnet.nl

Aeltsje de Groot-Zantema, Stiens
(058) 257 38 33, n.degroot3@chello.nl

Jaap Hijma, Marrum
(0518) 41 27 72, j.hyma@chello.nl

Jantsje Heeringa, Ljouwert
(06) 4104 7460, jantsjeheeringa@hotmail.com

REDAKSJE FRIJBÛTSER

Willem Tjerkstra, Snits, willem_tjerkstra@hotmail.com

Nynke Beetstra, Grou, taalwurkfryslan@hetnet.nl

Jitske Zaadstra, Turns, jitskezaadstra@planet.nl

Jan Breimer, Grou, jan.breimer@chello.nl

Kopij: p/a FNP-hûs; e-post: frijb.ynfo@fnp.nl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs (058) 292 58 03, fnp@sis.fryslan.nl

Janke de Vries, fraksjemeiwurkster

Yde Dijkstra, beliedsmeiwurker

Johannes Kramer, Sibrandabuorren, foarsitter
(0515) 52 06 40, e-post: kramer@sis.fryslan.nl

Annijje Toering-Schuermans, Mantgum
(058) 250 15 64, toering@sis.fryslan.nl

Douwe Bylisma, Stiens
(058) 257 16 35, bijlisma@sis.fryslan.nl

Pytsje de Graaf-van der Meer, Ternaard
(0519) 57 19 29, graaf@sis.fryslan.nl

Marten van der Veen, Twizelerheide
(0511) 44 47 95, m.vdveen@sis.fryslan.nl

WETTERSKIPSFRAKSJE

Lolke Folkertsma, Dokkum, foarsitter
(0519) 22 16 60, lolke.folkertsma@mediact.nl

Wopke Veenstra, Boelensloane
(0512) 34 27 70, wb.veenstra@hetnet.nl

EARSTE-KEAMER: OSF, Hindrik ten Hoeve, Stiens
(058) 257 34 47, htenhoeve@chello.nl

Bûsboekje

Maaie

19 Algemeine Ledegearkomste

Juny

7 Deistich bestjoer

9 Kopij Frijbûtsjer 403

24 Haadbestjoer

TNT Post
Port betelle

By ferkeard adres, werom nei

Obrechtstrjitte 32, 8916 EN LJOUWERT

Ynhâld fan dit nûmer

Side 1 - Útnoeging Algemeine ledegearkomste

Side 2 - Út de Steatefraksje:

- Fryslân Provinsje Plus
- FNP skoart knap yn Steaten
- In memoriam Simen Cossen

Side 3 - FNP-riedsleden en wethâlders

- Frysk-nasjonale earestiper

Side 4 - Kolofon

- Bûsboekje